

Wat men by it maitiid  
sieddet, dat waakst yn  
'e simmer

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## Winterwille

Oan de ein fan de winter koe it dochs noch wêze; rûnom gongen de iisbanen iepen

Pagina 3>



## Houtfestival

Mei 38 houtbewurkers en mear as tûzen besikers wie it festival yn Mantgum sukses

Pagina 7>



## Ofskied

Jaap Skeffer hat syn fertroude plakje yn de kelder fan it gemeentehûs ferlitten

Pagina 11>

## Mei it dekor yn in bakje efter de fyts der op út

Easterein – Witte wy it noch? It dekor. It wie faak in húskeamer. It rútsje mei gerdyntsjes altiten op itselde plak. In moai kleedsje oer de tafel en fansels de tillefoan oan de wand. Ek by de toanielferiening Fuort Mar Los yn Easterein hat it jierren sa west. Hoe oars is it tsjintwurdich. It dekor is in ferrassing en it publyk wurdt mear by it stik belutsen.

Troch Hinne Bokma

„As de minsken de seal yn komme wurde se al meinommen yn de sfear fan it stik“, fertelt Rigt Bergsma. Se is al 39 jier by Fuort mar los belutsen. Twa perioades as bestjoerslid, mar foaral as spylster. Ek dit jier stiet se op it toaniel. Rigt spilet de rol fan suster Thialde. Dit jier wurde de besikers fan de foarstelling yn de krystsfear brocht. „Der is mear ynteraksje. De stikken binne koarter. Froeger wiene der trije bedriuwen. It tredde bedriuw wie it aardichst, dan kaam de ûntknoping“, fertelt foarsitter Sjierkje Plantinga fan Fuort mar los. It is in jubileumjier foar de Eastereinder toanielferiening. It is fjirtich lyn dat op inisjatyf fan Carla Houtsuma en Geertsje Vellinga in gearkomste fan doarpsbelang organisearre waard om te praten oer toanielspyljen yn Easterein. Dat wie op 6 septimber 1977. Noch deselde jûn waard de toanielferiening oprjochte en waard der in bestjoer gearstald. „Sille wy dan fuort mar los“, rôp Teake

Posthuma. En sa wie der ek al in namme foar de feriening: Fuort mar los.

Earste foarsitter wie Gerrit Langerak. Op fersyk fan de Oranjeferiening spile Fuort mar los it earste jier op keninginnedei it stik 'In keardel út ien stik'. De rezjy wie yn hannen fan frou Spannenburg út Rien. It waard in geweldich sukses en tenei waard der alle jierren op keninginnedei in stik foar it fuotljocht brocht. Sûnt 1989 wurdt troch Fuort mar los yn de maitiid ien of meardere toanieljûnen organisearre.

### Ynkomstenbron

Ien fan de minsken fan it earste oere is ek Berend Santema. Hy hat twa kear bestjoerslid west en spile mei yn in protte stikken. Dit jier lit er lykwols ferstek gean omdat er meispilet yn it muzykteater *Elk Sines* oer it libben fan Tjerkje fan de Kliew. Berend en Rigt bewarje prachtige herinneringen oan de toanieljierren. Eartiids gongen se der ek mei it stik op út. Nei oare doarpen. „Wy ha ris in kear trettjin kear mei itselde stik fuort west“, fertelt Rigt. „It wie ek in moaie ynkomstenbron. Sa'n 150 gûne per kear“, folt Berend oan. „Wy gongen hiel Fryslân troch.“ Mar foar in optreden yn Hidaard stapte de Eastereinder toanielploech op de fyts. It dekor yn in bakje efter de fyts. „Koene wy mei syn allen moai efkes neisitte.“

Yn de ôfrûne fjirtich jier hat Fuort mar los alve regisseurs fersliten.



De jongerein fan Fuort mar los yn aksje. Se spylje dit jier 'Wat in greide, heite'.

Foto: Antje Stenekes.

Fan dy alve kamen der trije út it eigen doarp: Bauke Overall, Boude-wijn Kramer en Friek Kosse. Op it stuit is Trudy de Vos regisseur. It falt net altiten ta om genôch minsken te finen, dy't op it toaniel stean wolle. „It wie somtiden dreech om mannen te finen. Wy gongen alle strjitten yn Easterein bydel. Hiene wy dan noch net genôch mannen, dan losten wy it op troch in frou in mannenrol spylje te litten.“

Sûnt fiif jier hat Fuort mar los in jongereinôfdieling. It jongerein-toaniel is in sukses. It is opsetten om de jongeren oan it

toanielspyljen te krijen. Ha se der nocht oan dan is trochstreaming nei it 'grutte' toaniel in opsje. „Mar der is te min trochstreaming“, seit Berend. Faak gean jongeren de hûs út, ferlitte Easterein om te studearjen.

### Utdaging

Toanielspyljen is sok aardich wurk, fine Berend en Rigt. „It is in útdaging. Je hoege net jesels te wêzen. Je krije mear bravour as je in oar spylje“, stelt Berend. „De ynteraksje mei it publyk kin fleugels jaan“, jout Rigt oan.

Yn it jubileumjier spilet Fuort mar los it blijspul *Lamelos*. It is skreaun troch Tjerk Kooistra. Yn de psychiatryske klynk *Lamelos* wenje fiif pasjinten: de Majoar, Beppy, Fats, Dr. Doolittle en Mefrou de Haas. Wylst de direkteur har benammen dwaande hâldt mei jildsaken, soarget suster Tialde der foar dat de pasjinten harren pillen krije

en fersoarget de stazjêre de kreative terapy. Wannear't de pasjinten te hearren krije dat *Lamelos* har doarren slute sil, komme se mei in lumineus plan. De útfieringen binne op freed 16 maart (20.00 oere) en sneon 17 maart (20.00 oere) yn Noflik.

De jongeren spilet in wike letter it stik 'Wat in heide, heite' fan Roel Klompmakeer. It is bewurke troch Theresia Zeinstra en wurdt yn Easterein spile ûnder de name 'Wat in greide, heite'. It is in fleurich stik mei omtinken foar de natoer.

De jongelju sille op in frijwilligers-wurkkamp ta behâld fan de Fryske natoer. Se kampare 14 dagen yn 'e greide, dit is it moetingplak, dêr't wy mei harren yn 'e kunde komme. It giet oer hoe't in ferskaat oan jonge minsken funksjonearret yn sa'n fakânsjeploech. De jongerein-foarstelling is op freed 23 maart om 19.30 oere by Noflik.



In sêne út *Lamelos* mei Rigt Bergsma yn de rol fan Suster Thialde. Links Siebolt Bouma en rjochts Theo Jelsma. Foto: Antje Stenekes.

**LYTSE DOARPEN**  
**Rintocht**  
25 / 40 km  
Zaterdag 21-04-2018 in Boksum  
[www.lytsedoarpenrintocht.nl](http://www.lytsedoarpenrintocht.nl)

## Podium Terp Lûden in verkoop

Wommels – Het bijzondere podium van de Stichting Terp Lûden is te koop. Het mobiele podium was twintig jaar geleden ontwikkeld om in Wommels op verschillende plaatsen activiteiten mogelijk te maken.

De Terp in Wommels is vaak het middelpunt van dorpsactiviteiten. Na een verregend optreden van de muziekvereniging werd het idee opgevat om een moderne mobiele muzikent te ontwikkelen. Zo was het podium in de afgelopen jaren een onderdeel van braderieën en heeft het orkest van de Koninklijke Luchtmacht er op

gespeeld. Het bestuur was in het begin ook creatief met het organiseren van nieuwe activiteiten.

De reden van de verkoop is het teruglopen van de activiteiten in Wommels. Op opbouw en afbraak van de tent betekende ook een grote belasting voor de bouwplaat. Het bestuur is dan ook tot het besluit gekomen om het podium te verkopen. Potentiële kopers kunnen in april het podium bekijken in Britswert, waar het staat opgesteld in het kader van CH2018. Na verkoop zal de stichting de opbrengst schenken aan de Stichting Wommels.

skilder nedich  
[www.skilder.nl](http://www.skilder.nl)  
06 - 53360461

*uw voeten in goede handen*

**Clara**

Medisch- en oncologisch  
voetzorgverlener

Breed gespecialiseerd in behandeling:  
diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.

Tjessingawei 8 Hilaard  
Mob: 06-55 56 44 08  
Tel: 058-251 93 78

[www.pedicurepraktijkclara.nl](http://www.pedicurepraktijkclara.nl)